



taal

TAAL

OER DE FRYSCHE TAAL EN KULTUER

fan

FAN

it

IT

hert

HERT

*Net yn ús doarpen en ús alve stêden
net yn ús marren en ús hearlikheden
kin ik it meast mysels wêze
mar yn ús taal:
it ynstrumint dêr't ik troch sykhelje*

Gedicht fan Ed. Hoornik (oersetting)

Kolofon

It boekje "Taal fan it hert" ferskynt yn it Nederlânsk, Frysk, Ingelsk en Dútsk. De útjefte is mooglik makke mei stipe fan de provinsje Fryslân en it Europeesk Buro foar Taalminderheden.

Tekst	Helma Erkelens
Oersetting	Joop Oostra (provinsje Fryslân)
Einredaksje	Ingrid Wagenaar
Utjouwer	Provinsje Fryslân
Foarmjouwing	BW H Ontwerperts, Ljouwert
Opmaak	Afûk, Daam de Vries

Ferantwurdig foto's c.q. ôfbyldings

Ofbylding foarkant: Boele Bregman (1918-1980),

Selsportret mei neaken (1958), oaljeferve op doek.

Foto's: Frysk lânskip: Ep van Hijum, Fibula: argyf Frysk Museum, Leaver dea as

slaaf: Het Hoge Noorden, Gysbert Japicx: argyf Gysbert Japicxhûs yn Boalsert,

Hansje Brinker: argyf Tryater, Tsjêbbe Hettinga: Het Hoge Noorden, Ferwert: argyf

Ljouwerter Krante, Tomke: Het Hoge Noorden, skoallokaal: Het Hoge Noorden,

dokter: Het Hoge Noorden, Omrop Fryslân: argyf Omrop Fryslân, Iepenloftspul:

Het Hoge Noorden, tegelbrêge: Het Hoge Noorden, Tresoar: argyf Tresoar, Orfeo

Aqua: Het Hoge Noorden, lessitewaasje: Het Hoge Noorden.

Yllustraasjes:

Gerrit Benner: Paardjes, Boom (verso). Oaljeferve op paniel, AFI-kolleksje, taal-

kaartsje út Nij yn Fryslân (Afûk), advertinsje: Ljouwerter Krante 2004.

Earste printinge 2004

Taal fan it hert



Ynhâld

- 6** Oanrin
- 8** In ryk ferline
- 13** Emansipaasje
- 16** Europeeske taal
- 19** Frysk is in taal
- 22** Hoeder fan it Frysk
- 25** Frysk by de oerheid
- 28** Frysk op skoalle
- 32** Frysk op it wurk
- 34** Frysk yn 'e media
- 36** Frysk yn 'e kultuer
- 40** Frysk yn 'e sport
- 41** Frysk en de wittenskip
- 43** Frysk oer de grins
- 46** Fiel dy thús yn Fryslân

Oanrin

6

Bysûnder en gewoan

De grutste provinsje fan Nederlân (it wetter meirekkene) mei it grutste tal doarpen, de langste minsken en trochinoarhinne de heechste libbensferwachting. In lân fan romte, wide fiergesichten, boljende seilen en ieuwenâlde tsjerkjes op hege terpen, mar ek fan kantoartuorren, bedriuweterreinen en nijbouwiken oan 'e kime. Fryslân is bysûnder èn gewoan. Wat Fryslân werklik ûnderskiedt fan de rest fan Nederlân is de eigen taal en kultuer: it Frysk. En dêr binne de Friezen grutsk op. De ymport-Friezen ek. De measte Friezen prate Frysk - njonken it Nederlânsk - en hast alle 642.000 ynwenners (jannewaris 2004) fersteane de taal wol. Dat betsjut dat it Frysk rûnom praat wurdt en brûkt wurde kin. By de bakker, yn 'e supermerk, yn 'e bibleteek, by de dokter, op skoalle, op 'e klaverjasklup, op 'e sportfjilden, op plaknammebuorden, yn 'e media, yn it teater en op it wurk.

Foar de Friezen is twataligens hiel gewoan. Dy eigen taal makket Fryslân foar in soad Nederlanners in stikje bûtenlân yn it eigen lân. Se fine it spesjaal en ek wol wat eksoatysk. As men lykwols nei Europa sjocht, is meartaligens earder regel as útsûndering. België hat it Flaamsk en it Waalsk, Spanje hat it Katalaansk, Baskysk en Spaansk, en Grut-Brittanje hat njonken it Ingelsk it Welsh, Skotsk en Gaelic. En sa binne der noch tal fan foarbylden te neamen.

Friezen hawwe in eigen mentaliteit. Nochteren, mar mei in soad emoasje. Hja moatte neat hawwe fan flaaikerij, opskepperij en ûnoprjochtens, en beseffe mear as normaal dat alle minsken gelyk binne. Stoef? Dat is net wittenskiplik ûndersocht, mar miskien wenje yn Fryslân relatyf mear minsken dy't oan in pear wurden genôch hawwe as it om it Nederlânsk giet. En dat is net sa frijemd. De earste taal dy't men as bern leard hat, is de taal dêr't men jin it bêste yn uterje kin. It is de taal fan de emoasje. En dus de taal dy't jin de grutste wurdskat biedt.

Fryske klanken moatte minsken efkes oan wenne, wannear't de autoradio as se Fryslân ynride, op Omrop Fryslân oerskeakelt. Foar de ientalige Nederlanners is dat soms betiizjend: 'een weg' is 'in wei', 'een glas karnemelk' is 'in glês sûpe', 'koeien' zijn 'kij' en 'heal' betsjut 'half'. It

Frysktalich bebuordzjen is ek efkes wenne. Sa wurde bygelyks de Nederlânske nammen Hardegarijp en Roodhuis yn it Frysk as Hurdegaryp en Reahûs oanjûn.

Wolle jo mear witte oer dat stikje bûtenlân yn Nederlân? Of binne jo in Fries en wolle jo mear witte oer de eftergrûn fan jo memmetaal? Lês dit boekje dan. ‘De taal fan it hert’ jout ynformaasje oer de woartels fan de Fryske taal en kultuer en harren plak yn de maatskippij fan hjoed de dei.

Fryske wurden

Fryslân [frislɔ:n]	Friesland
it Frysk [ɛtfrisk]	het Fries
wei [vai]	weg
sûpe [supə]	karnemelk
kij [kɛj]	koeien
heal [hɪ.əl]	half
Reahûs [rɪ.əhu:s]	Roodhuis
Hurdegaryp [hødəgərip]	Hardegarijp

De ynfloeden fan de Fryske taal op it Nederlânsk binne net grut. Bekend binne in pear wurden út 'e sport: skûtsjesile en klune.

Skûtsjesile [skutsjəsilə]	sile mei legindaryske Fryske sylfrachtskippen
Klune [klünə]	mei de redens ûnder oer in stik lân rinne

In ryk ferline

8

It Frysk kin grutsk wêze op in lange tradysje. De ûntjouwing fan de taal en kultuer ûnderskiedt him troch stimulânsen en stagnaasje, troch heechtiidsdagen en ferfal. Bepalende faktoaren wiene gauris de 'hearskjende macht' en de oanwêzigens fan 'grutte foarbylden'.

Taal fan de macht

Fryslân wie al fier foar de jiertelling befolke. De Romeinen neamden de Germaanske stammen dy't hjir wennen 'Frisii'. Nei de Romeinske tiid ûntstie in Frysk keninkryk dat syn grinzen fier bûten it Fryslân fan no hie. It rûn fan it Sinkfal yn Noard-België oan de Wezer yn it hjoeddeistige Dútslân ta. De Noardsee hjitte 'Mare Frisicum'. Hollân stelde yn dy perioade noch net in soad foar. It Frysk wie de offisjele taal fan it bestjoer en dêrtroch wie der in bloeiende Fryske kultuer. De sprektaal wie it Aldfrysk.



Keninklike gouden fibula (mantelspjelde) út it begjin fan de sânde ieu. De fuotplaat mei geometryske motiven fan bisten is yn 1953 by it oanlizzen fan drainaasje op 'e terp Tjitsma yn Wynaam fûn. Yn 'e rin fan 'e jierren binne ek de fragmenten fan de kopplaten weromfûn. Op 'e 'brêge' dy't beide parten mei-inoar ferbynt, moat oarspronklik in sierskiif sitten hawwe. Dat ûnderdiel is spitigernôch (noch?) net weromfûn. De fibula is hast 17 sm lang en kin yn it Frysk Museum yn Ljouwert bewûndere wurde.



De Fryske berneboekeskriuwer en gids-ferhaleferteller Mindert Wijnstra yn aksje op it Reaklif yn Gaasterlân yn 2003.

Yn 'e lettere Midsieuwen wie Fryslân in úthoeke fan it Karolingysk Ryk. De macht fan de keizer wie hjir amper te merken. Yn 1165 ferparte hy Fryslân tusken de biskop fan Utert en de graaf fan Hollân. Beide lânhearen wiene net by steat om harren gesach bliuwend jilde te litten. Yn 1233 kaam de Hollânske graaf foar de lêste kear nei Fryslân om hjir effektyf syn rjochten fan lânhear út te oefenjen. De biskop hie it al earder opjûn. Sa bruts de tiid fan de Fryske Frijheid oan. Fryslân bestjoerde himsels, alhoewol't it in part fan it Karolingysk Ryk bleau. Yn 1345 besocht Willem IV, graaf fan Hollân en Seelân, op 'en nij syn gesach ôf te twingen. Hy stuts mei syn manskippers de Iselmar oer. De oerlevering docht it ferhaal fan in bloedige striid by Warns, dêr't de graaf sneuvele. Fryslân bleau Frysk. De stien op it Reaklif mei de spreuk 'Leaver dea as slaaf' is in oantinken oan dy slach. De taal fan bestjoer en rjochtspraak bleau Frysk, ûnder de namme Midfrysk (oan 1800 ta). In soad materiaal dat yn dy tiid skreaun is, is bewarre bleaun.

Yn 'e tiid fan 'e "Fryske Frijheid" hie Fryslân net in sterk sintraal gesach. Nettsjinsteande bloeide de ekonomy troch de yntinsive hannel mei de

10

lannen oan de Eastsee oant yn Ruslân ta. De Fryske Alve Stêden hawwe dêr harren gloarje oan te tankjen. It wiene tige geunstige tiden, oan omtrint 1400 ta, doe't partijskelen útbrutsen. De stridende partijen - de saneamde Skieringers en Fetkeapers - sochten stipe by bûtenlânske machthawwers. Sa koe it barre dat Fryslân yn 1498 troch Albrecht, hartoch fan Saksen, ferovere waard. Dêrtroch kaam in ein oan de ynlânske kriich én oan de Fryske Frijheid.

Albrecht fan Saksen stelde in soad bestjoerders fan bûten Fryslân oan. Dêrtroch ek ferdwûn it Aldfrysk stadichoan as wichtichste taal. Oan 1530 ta waarden offisjele dokuminten yn it Frysk skreaun. Underwilens wûn de ynfloed fan it Nederlânsk oan.

Taal fan it folk

Yn 1514 ferkocht Albrecht fan Saksen Fryslân oan Karel V. Yn 1579 ûntlutsen de Nederlannen harren, Fryslân dêrby begrepen, oan it gesach fan syn soan Filips II en sûnt dy tiid wiene se ûnder de namme Sân Provinsjes polityk selsstannich. Under de Tachtichjierrige Kriich wie Fryslân ien fan de machtige bûnsgenoaten yn de Sân Provinsjes. Yn dy tiid wie it ek al sa dat jild foar macht stie. Fryslân hie de beskikking oer in soad kapitaal en wie ien fan de grutte finansiers fan de striid tsjin de Spanjerts.

Yn de 16de en 17de ieu kaam de macht yn Fryslân wer meastepart yn Fryske hannen, mar de Nederlânske taal waard hieltyd wichtiger. Bestjoer, rjochterlike macht, skoallen en tsjerken brûkten it Nederlânsk as skriuwtal. It Frysk waard de sprektal fan it 'gewoane folk'. Troch dat beheind gebrûk, mar ek troch it grutte tal kontakten mei it Nederlânsk ferwettere de taal. Boargemasterssoan en skoalmaster Gysbert Japicx (1603-1666) fan Boalsert joech it Frysk wer in plak yn de kultuer mei in grutte K. Troch syn nijsgjirrich wurk wurdt er as de grûnlizzer fan de Fryske literatuer sjoen.

De Romantyk

Yn 1815, doe't Napoleon definityf ferslein wie, ûntstiene de Europeeske steaten sa't wy dy no kenne. Folken waarden harren bewust fan de eigen woartels. Ut it besef fan in mienskiplik ferline wei groeide it nasjonaal



Boargemasterssoan en skoalmaster Gysbert Japicx (1603-1666) fan Boalsert joech it Frysk wer in plak yn de kultuer mei in grutte K. Yn syn eigen tiid waard er ek al om syn klassike kwaliteiten wurdearre; immen dy't neffens de regels fan de keunst Frysk skreau. Boppedat slagge it him taal en muzyk yn harmony te ferienjen. Vondel, Huygens en party oare dichters fan syn tiid, en ek de klassiken, wiene foar him faak foarbylden. Lokale bysûnderheden fleuren syn wurk op. Syn Fryske wurk is yn 1663 yn de bondel 'Friesche Rymlerye' sammele. Fryslân hat yn 2003, mei ferskate muzikale en literêre aktiviteiten, in soad omtinken oan it fieren fan Gysberts bertejier jûn.

12

bewustwêzen. Taal waard sjoen as de azem fan de nasjonale siel.

Rûnom groeide de belangstelling foar de eigen folksaard, de eigen taal, skiednis, folkloare en literatuer.

Dat tiidrek, de Romantyk, wie in grutte stimulâns foar de Fryske taal en kultuer, mar in offisjele erkenning wie foarearst net oan 'e oarder.

Fryslân wie yn 'e 19de ieu in provinsje fan Nederlân en hie it Nederlânsk as iennige offisjele fiertaal. It Frysk wie foar thús. Skoallen waard oanret om dat boerske Frysk net ta te stean. Ynspirearre troch de Romantyk kaam doe in Fryske taalbeweging op dy't de ûndergong tsjinhâlde woe en erkenning socht. Nije Fryske skriuwers makken opgong, lykas de bruorren Halbertsma: Joast Hiddes (1789-1869), Tsjalling (1792-1852) en Eeltsje (1797-1858). Sy stimulearren de Fryske befolking om yn 'e eigen taal te lêzen en te sjongen. Harren sammele Fryske ferhalen, lieten en gedichten binne noch hieltyd populêr. En de Halbertsma's wiene net de iennigen. Tal fan oaren publisearren ek yn it Frysk. Obe Postma (1868-1963) fan Koarnwert wurdt noch altyd as de wichtichste Fryske dichter sûnt Gysbert Japicx sjoen. De gedichten oer syn leafde foar it Fryske plattelân hawwe op alle ûnderdielen kwaliteit. Troch publikaasjes fan dy skriuwers, mar ek troch it earste Fryske wurdboek, kaam stadichoan mear ienheid yn 'e stavering fan it Frysk. It Frysk dat nei 1800 skreaun en praat wurdt, hjit Nijfrysk.

Emansipaasje

13

De tweintichste ieu is de tiid fan de grutte emansipaasjebewegings, fan groepen dy't harren posysje ferbetterje woene. Domeinen fan de maatskippij wiene net langer mear inkeld en allinne foarbehâlden oan de hegere klassen, manlju, froulju of ientalige Nederlanners út it fersted-ske westen. Sprekkers fan minderheidstalen organisearren harren om harren taal te behâlden en te ûntwikkeljen. De offisjele erkenning fan harren taal wie it doel. Troch it groeiend bewustwêzen yn brede lagen fan de Fryske maatskippij krong it Frysk hieltyd mear troch yn it ûnderwiis, de keunst en kultuer, de wittenskip, by de oerheid en yn de godstsjinst. Dat hat laat ta tal fan inisjativen en ynstellings dy't noch hieltyd wichtich foar de Fryske taal en kultuer binne.

Yn de 19de en 20ste ieu waarden ferskate genoatskippen oprjochte. Yn 1827 it 'Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde' en yn 1844 it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse (Ald Selskip). Boppedat waarden yn 1908 en 1917 genoatskippen mei in kristlike identiteit oprjochte, it Kristlik Frysk Selskip en it Roomsk Frysk Boun. It lêste hat him yn 1997 sels opheft. In groep Friezen dy't argewaasje fan it konservatisme fan it Ald Selskip hie, is yn 1915 mei de Jongfryske Mienskip út ein set, dat him streekrjocht op de taal fan de oerheid en de rjochtspraak rjochte.

Yn 1907 waard foar de earste kear besocht om it Frysk ûnder in Steategearkomste te brûken. Yn dat jier kaam it provinsjaal bestjoer foar it earst mei in subsydzje foar it Frysk op skoalle, mar de lessen mochten allinne nei skoaltiid jûn wurde. Hûnderten Friezen fierden jierrenlang aksje en yn 1937 krige it Frysk in beskieden plak yn it taalûnderwiis op 'e legere skoalle, al wie dat fakultatyf. Yn 1915 waard foar it earst in Frysktalige tsjerketsjinst hâlden, yn 1943 folge troch de earste Fryske bibeloersetting. It amateurtoaniel bloeide al jierren yn Fryslân en dêrbûten, mei oarspronklik Fryske en oersetste toanielstikken. Fryske lieten waarden komponearre en troch in ferskaat fan Fryske sjongkoaren sungen.

Selskippen as de Jongfryske Mienskip en in tydskrift lykas De Tsjerne (1946) stimulearren de literatuer. Yn 1928 waard de Afûk (Algemiene Fryske ûnderrjocht kommisje) oprjochte en hie te'n doel om kursussen

Frysk foar folwoeksenen te organisearjen en om Frysktalich lesmateriaal foar bern te ûntwikkeljen. Der kaam in ynstút foar wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer: de Fryske Akademy (1938). De Akademy begûn yn it jier fan oprjochting mei de wittenskiplike beskriuwing fan de wurdskat fan it Nijfrysk. In ûnbidich grut projekt dat yn de 21ste ieu noch trochrint. Yn de jierren fjirtich en fyftich ferskynde al in beheind Frysk-Nederlânsk en in Nederlânsk-Frysk wurdboek. En as lêste: de Fryske kultuer beheinde him net mear ta de taal: de byldzjende keunst kaam derby. It Frysk Ekspresjonisme, fertsjintwurdige troch bygelyks keunstskilder Gerrit Benner, krige ek bûten de provinsje namme.



Gerrit Benner (1897-1981) wenne en wurke yn Ljouwert, Amsterdam en Nijemardum. Hy giet troch foar ien fan de wichtichste neo-ekspresjonistyske lânskipsskilders fan Nederlân. Yn 1955 krige er de Fersetspriis fan de ‘Stichting Kunstenaarsverzet 1942-1945’, in twadde priis op de Biënnale yn Sao Paulo, de Guggenheimprice for the low Countries yn 1958 en de International Hallmark Art Award New York. Syn wurk is ûnderdiel fan tal fan iepenbiere en partikuliere kolleksjes, ûnder oaren: it Stedelijk Museum yn Amsterdam, it Van Abbe Museum yn Eindhoven, it Museum Twente yn Enschede en it Frysk Museum yn Ljouwert. Ofbylde: Paardjes, Boom (verso). Om-ende-by 1950, oaljeferve op paniel.

Twadde rykstaal

De Fryske beweging krige nei 1945 fierder stal. Der ûntstiene tal fan groepen en organisaasjes dy't rjochte wiene op it direkt of yndirekt befoarderjen fan it Frysk. It strjeben nei 1945 wie in offisjele status fan it Frysk yn it iepenbiere libben. Dêr hat frijwat striid om west. Dat taal in gefoelige kwestje is dêr't de emoasjes heech by oprinne kinne, bewiist de nei-oarlochske skiednis. It rjocht om jin ek by de notaris, by de boargerlike stân, op skoalle, yn de Provinsjale Steaten en op oare plakken fan it iepenbiere libben yn de eigen taal uterje te kinnen, moast befochten wurde.

In wichtich barren yn dy taalstriid wie Kneppelfreed. Op freed 16 novimber 1951 moast Fedde Schurer foar de rjochtbank ferskine fanwegen it beledigjen fan kantonrjochter Wolthers. Schurer, sjoernalist, politikus en dichter wie yn de 'Friese Koerier' fûl útfallen nei de rjochter, om't dy ûnder in rjochtsaak krekt die oft er Frysk net ferstie. Schurer lokke mei syn fjoerskerpe kommentaar bewust in rjochtsaak út, mei as doel in rjochtlike útspraak oer de posysje fan it Frysk. Nijsgjirrich nei de ôfrin dêrfan wiene belangstellenden foar it gerjochtsgebou bynoar kommen. Troch al dy oandacht rekke de plysje fan it hynder en waard it slaande deilis en brûkten de plysjes harren kneppels omraak.

De Fryske kwestje helle de krante en kaam op de lanlike politike wurklist telâne. Trije ministers tûgen yn eigen persoan nei Fryslân en op oanstean fan de Twadde Keamer waarden ûndersykskommisjes ynsteld, ien foar ûnderwiis en ien foar justysje. Dat hat fan 1955 ôf laat ta de mooglikheid om it Frysk as fiertaal yn it basisûnderwiis te brûken. Yn 1956 kaam it rjocht om yn 'e rjochtseal Frysk prate te kinnen.

Mei it rjocht om Frysk yn 'e rjochtseal te praten, waard in positive ûntjouwing op 'e gleeed brocht. It skriftlik brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear is yn 1995 wetlik fêstlein. Sûnt 1997 wurde alle akten fan 'e boargerlike stân twatalich opsteld. Fan 2001 ôf kinne notariële akten fan stiftings en ferienings ek inkeld yn it Frysk opsteld en yn de iepenbiere registers ynskreaun wurde. Dêrmei is it Frysk de twadde rykstaal wurden.

Europeeske taal

16

In oare grutte ympuls foar it Frysk is it Europeesk belied op it mêd fan lytse en regionale talen. Yn 1992 seach it Europeesk Hânfest foar Regionale en Minderheidstalen it libbensljocht. Dat troch Nederlân yn 1996 ratifisearre hânfest giet oer it stimulearjen fan lytse en regionale talen yn de sektoaren ûnderwiis, justysje, iepenbier bestjoer, media en kultuer, yn it sosjaal en ekonomysk libben en yn ynternasjonale kontakten. Troch it bekrêftigjen fan it hânfest hat de Nederlânske oerheid himsels ferplichte om tal fan maatregels te nimmen om it Frysk fuort te sterkjen, ek finansjeel. It hânfest is yn 1998 fan krêft wurden.

Binnen de Europeeske Uny praat tsien persint fan de befolking in minderheidstaal. Der is in Europeesk Buro foar minderheidstalen (EBLUL), festige yn Brussel, dat besiket om de posysje fan minderheidstalen binnen Europa fuort te sterkjen. It bringt minsken mei-inoar yn kontakt, beheart in dokumintaasjesintrum, organisearret stúdzjereizen en jout in nijsbrief út. Boppedat is in Europeesk netwurk fan minderheidstalen aktyf op it mêd fan ûnderwiis, media en wetjouwing.

Stimulâns

De erkenning fan it Frysk yn Nederlân en yn Europa betsjut foar de Fryske taal en kultuer in stimulâns. Der is in groeiende merk foar Frysktalige literatuer, muzyk en teaterfoarstellings. Yn alle literêre sjenres komme jierliks boeken yn it Frysk út: Piter Terpstra (histoaryske romans), Froukje Annema (psychologyske romans), Sietse de Vries (misdieromans), Hylkje Goïnga (feministyske ferhalen), Douwe Kootstra (reisferhalen), Albertina Soepboer (poëzij) en Eppie Dam (jeugd-literatuer). Regelmjittich wurde Fryske boeken yn it Nederlânsk oerset.

Frysktalige bands lykas De Kast en Twarres wiene ek bûten de provinsje populêr. Fryske films, lykas Nynke en De Dream, en de foarstellings fan it teaterselskip Tryater wurde troch in breed publyk besocht, yn Fryslân en yn Nederlân.



Yn it seizoen 2003/2004 spile Tryater de famyljefoarstelling Hansje Brinker (foto). Alle jierren komme likernôch 60.000 minsken nei de foarstellings fan Tryater, Fryslâns iennichste beropstoanielselskip. Tryater bringt wrâldrepertoire en oarspronklik wurk yn it Frysk foar folwoeksenen, jongerein en bern. De foarstellings, mear as 700 yn 't jier, wurde yn de ferskate teatersealen, skoallen, gymnastyksealen, op lokaasje en yn it eigen teatergebou yn Ljouwert jûn.

In top-tsien fan oerset wurk út it Frysk yn it Nederlânsk:

De fiske (1966) is de klassiker fan folksskriuwer Rink van der Velde. In sober ferhaal oer in fiskerman dy't yn 'e twadde wrâldkriich wegeret om de besetters ynformaasje te jaan, ek as it skynber gjin doel mear hat en sa in 'held sûnder hope en gloarje' wurdt, yn 2000 troch Steven de Jong ferfilme. Tiniis (1981) fan Tiny Mulder spilet ek yn 'e kriich. Dêr wurde, troch de eagen fan in tiner dat sels stadichoan by it ferset behelle wurdt, de wederwarichheden fan in gesin yn ferteld. Subtyl en mei gefoel foar de absurde kanten fan it libben is Frijnde Kikkerts (1985) fan Hylkje Goinga, it ferhaal fan Martha dy't har troch striid en therapy fan har egosintryske en misliedende man losmakket. Yn Op redens oer (1984) troch Hylke Speerstra steane ridersferhalen oer Friezen lykas Hollanners dy graach hawwe wolle: stoer en fol mei smaaklik brochte sterke ferhalen dy't miskien dochs wol wier binne? Folslein oars is Pilsjitten op Snyp (2001) troch Josse de Haan, in rau en nuveraardich boek oer de wrede jeugdjierrren yn in doarp fuort nei de kriich, dêr't it wat hurder om en ta gie as yn Jorwert doe't God dêr ferdwûn. Anti-idyllysk is ek Nei de klap (2001) fan Trinus Riemersma, it meinim-mend, mar beknipend ferhaal oer in groep bern dy't nei de 'grutte klap' yn Frankryk omdwale. Alderaardichst en mei in soarte fan Havank-humor is de misdieroman M oerd yn it Provinsjes (1999) fan Frans en Tineke Steenmeijer. Ut it sjenre fan de jeugdboeken kinne neamd en priizge wurde Swart op wyt (1985) fan Akky van der Veer, dat yn 'e foarm fan in deiboek fan in famke fan sechtjin, licht en relativearjend, ferslach docht fan de speurtocht nei harsels, en W olken fan wol (2000) fan Lida Dijkstra, dêr't mei magistrale taalfynsten seis klassike metamorfoazeferhalen fan Ovidius fernimstich yn neiferteld wurde. Wa't, om te besluten, in folslein oersjoch hawwe wol fan Frysk proaza troch de ieuwen hinne, kin telâne by de mânske proazablomlêzing Fries Stamboek (2000), gearstald troch Alpita de Jong.

Frysk is in taal

It Frysk is in taal. It foldocht oan in tal wichtige kritearia:

- politike erkenning
- in taalhistoaryske ûntjouwing
- in rike wurdskat dy't gâns fan it Nederlânsk ôfwykt
- eigen kombinaasjes fan lûden en bylûden
- eigen regels foar wurdfoarming
- in standerdisearre stavering en grammatika
- it wurdt praat, songen en skreaun
- it wurdt privee, yn 'e kultuer en yn it offisjele iepenbiere libben brûkt
- de taal hat status

Dêrtroch ferskilt it Frysk fan in dialekt. Dialekten binne regionale farianten fan in taal. It Frysk hat syn eigen farianten: Klaaifrysk, Wâldfrysk en it Súdwesthoeksk.



Taalkaartsje út Nij yn Fryslân

20 Besibbens mei oare talen

It Frysk heart ta de Germaanske talen, lykas it Nederlânsk, it Ingelsk en it Dútsk. As kusttaal stiet it Frysk tichte by it Ingelsk. It Nederlânsk stiet tichter by it Dútsk.

Frysk	Ingelsk	Dútsk	Nederlânsk
ús [üs]	us/our	uns	ons
tsiis [tsi:s]	cheese	Käse	kaas
boek [buk]	book	Buch	boek
skiep [skiəp]	sheep	Schafe	schaap
jier [(j)i.əɪ]	year	Jahr	jaar
twa [tva:]	two	zwei	twée

It Frysk klinkt net oeral yn Fryslân itselde, mar dat betsjut net dat de minsken inoar net ferstean kinne.

Ferskillen yn útspraak

Nederlânsk	Klaaifrysk	Súdwesthoeksk	Wâldfrysk
zondag	snein	snain	sneen
zaterdag	sneon	sneon	saterdy
school	skoalle	skölle	skoalle
oog	each	each	êch
duim	tomme	tomme	túme

Stedsfrysk

Yn Ljouwert, Dokkum, Boalsert, Snits, Harns en Frjentsjer wurdt behalven Frysk ek Stedsfrysk praat: in mingtaal fan benammen Nederlânske wurden mei Fryske lûden. Foar ientalige Nederlanners is it frij maklik om te ferstean. It Stedsfrysk is yn 'e 16de ieu troch hannelskontakten ûntstien. Hylpen hat in eigen fariant fan it Frysk.

Stellingwerfsk

It Stellingwerfsk is gjin dialekt. Njonken it Frysk en it Nederlânsk is it de tredde taal fan Fryslân. It wurdt mar yn in lyts gebiet praat: de gemeenten Eaststellingwerf en Weststellingwerf. De histoaryske woartels fan 'e Stellingwerven ferskille fan 'e rest fan 'e provinsje. Oant 1504 wiene de Stellingwerven selsstannich. Mei it feroverjen fan Fryslân yn 1498 troch Albrecht fan Saksen waard ek dat gebiet beset. De Stellingwerfers namen it Nedersaksysk fan de oerheerskers oer. It hjoeddeistich Stellingwerfsk is dan ek mear besibbe mei it Drintsk, it Grinslânsk en it Platdútsk as mei it Frysk. De Stellingwerven foarmje in lyts taalgebiet. Om-ende-by in tredde fan it tal ynwenners hat it Stellingwerfsk, in tredde it Frysk en in tredde it Nederlânsk as memmetaal. Krekt as it Frysk hat it Stellingwerfsk (Stellingwarfs) in eigen wurdboek (sûnt 1994).

Biltsk

It Bilt is in âld poldergebiet út 'e 16de ieu, noardwestlik fan Ljouwert. De taal fan de Noard- en Súdholânske boeren dy't It Bilt ynpolderen, mong him mei it Frysk fan 'e lânarbeiders. Sa ûntstie in nije mingtaal: it Biltsk.

De waaddialekten

Op 'e waadeilannen wurde farianten fan sawol it Frysk as it Nederlânsk praat. Skiermûntseach en Skylge hawwe, krektlyk as it âlde havenstedsjen Hylpen, in eigen fan it Frysk ôfwikend dialekt ûntwikkele. Op Skylge wurde sels twa farianten praat: it Westersk en it Aastersk. It Amelân ken in fariant op it Nederlânsk en der wurdt lykas op Flylân omtrint gjin Frysk praat.

Hoeder fan it Frysk

22

Sûnt yn Europa de grinzen weifallen binne, komt it der minder op oan om te witten út hokker lân of streek jo komme. Minsken binne yn it foarste plak op harren eigen regio rjochte en dêrtroch is der mear omtinken foar lytse en regionale talen. It Frysk hat status, ek yn Europa. It Frysk is net allinne mear de taal fan it hert, mar ek de taal fan it offisjele iepenbiere libben. Dat hat effekt op de minsken. It plak fan it Frysk yn 'e wrâld fan de literatuer en it teater wurdt hieltyd grutter en dat jout in gefoel fan grutskens.

Keare en stimulearje

Sûnder aktyf taalbelied soe de ûntjouwing fan it Frysk in beweging nei ûnderen ta trochmeitsje, nettsjinsteande alle grutskens en status. It fuortbestean wurdt bedrige. It Frysk hat it - lykas oare regionale talen - dreech, om't eardere grinzen weifallen binne en de mobiliteit bot tanommen is. Wie Fryslân oan de twadde helte fan de 20ste ieu ta benammen in agraryske provinsje, no is de tsjinstferlienende sektor de grutste wurkjouwer. Minsken komme nei Fryslân om te wurkjen, oaren geane fuort om't hja earne oars in oplieding folgje of in baan fûn hawwe. Foarhinne organisearren de minsken harren op provinsjale skaal, hjoed de dei rikke organisaasjes oer de provinsjegrinzen hinne. Foarhinne waard faak fuort yn 'e wenkrite trouw, tsjintwurdich komme de houlikspartners oeral wei. Sadwaande wurdt yn in soad houliken in mingtaal praat. It is bekend dat yn dat soarte fan 'minghouliken' it Nederlânsk meastentiids de fiertaal is.

Fan alle ynwenners fan Fryslân fan 12 jier en âlder kin:

	1994	1980	1967
Frysk ferstean	94%	94%	97%
Frysk prate	74%	73%	85%
Frysk lêze	64%	65%	69%
Frysk skriuwe	17%	11%	11%

Gegevens: Taal yn Fryslân 1995 (Fryske Akademy)

De Provinsje Fryslân stimulearret ynstânsjes, organisaasjes, bedriuwen en minsken om it plak fan de Fryske taal fuort te sterkjen. Om de safolle jier wurdt fêststeld wat de spearpunten foar de kommende perioade wêze sille. De Provinsje stiet noed foar de foarsjennings, koördinearret, stimulearret inisjativen en hat sels in foarbyldfunksje. Der binne subsidzjes foar tal fan ûntwikkelings en projekten.



Tsjêbbe Hettinga (1949) is ien fan de bekendste Fryske dichters. Dat komt út soarte troch syn unike optreden en de bûtengewoan hege kwaliteit fan syn wurk. Syn optreden op de Frankfurter Buchmesse yn 1993 bestjutte de ynternasjonale trochbraak fan Hettinga. Dêrnei kamen noch tal fan optredens op poëzjifestivals yn ûnder oaren Rotterdam, Brussel, Swansea en Barcelona. Fan Hettinga binne ferskate dichtbondels ferskynd, ûnder oaren yn 1995 *Vreemde kusten / Frjemde kusten*. Dy bondel is yn 1999 ek yn it Ingelsk oerset. Yn 2001 hat er de priis foar Fryske literatuer, de Gysbert Japicxpriis krigen.

Der binne ferskate prizen ferneamd nei bekende Friezen dy't harren paad goed skjinmakke hawwe:

Gysbert Japicxpriis: foar it bêste literêre wurk yn it Frysk yn alle sjenres

Fedde Schurerpriis: foar it bêste literêre debút

Obe Postmapriis: foar de bêste literêre oersetting

Simke Kloostermanpriis: foar it bêste Fryske berneboek

Joast Halbertsmapriis: foar in bysûndere wittenskiplike prestaasje op it mêd fan de Fryske taal en kultuer

Pyt van der Zeepriis: foar de bêste Fryske amateurtoanielfoarstelling

Vredeman de Vriespriis: foar it bêste ûntwerp op it mêd fan arsjitektuer en foarmjouwing

Bernlefpriis: foar it bêste Fryske liet

In soad projekten wurde op provinsjaal, nasjonaal of Europeesk nivo stipe, bygelyks om lesmetoaden foar de Fryske taal te ûntwikkeljen, foar poadiumkeunsten, foar de Fryske siden (F-side) yn de deiblêden en Fryske tillevyzje- en radio-útstjoerings. Fan de mooglikheden wurdt in soad gebrûk makke. Fierder binne der tal fan provinsjale prizen yn de literêr-kulturele sfear.

Frysk by de oerheid

25

It praten en skriuwen fan it Frysk is in wetlik rjocht en elkenien kin dêr gebrûk fan meitsje. Hieltyd mear Friezen fine dat fanselssprekkend, want troch safolle mooglik Frysk te praten kin de taal him fierder ûntjaan. De provinsje Fryslân wol graach dat der safolle mooglik Frysk praat wurdt. En soks kin al gau, want goed njoggentich persint fan de ynwenners ferstiet sawol it Frysk as it Nederlânsk. Yn Fryslân hat elk de kâns om him yn de eigen taal fersteanber te meitsjen. It freget soms wol wat oanpassingsfermogen om in oar te ferstean. Twatalige petearen en gearkomsten komme geregeldwei foar en hielendal as de emoasjes loskomme: men kin jins gefoelens earst werklik goed uterje yn 'e taal dêr't men mei grutbrocht is.

Tusken oerheid en boarger

Fragen, klachten en saken meidiele, boargers dy't de oerheid wat te melden hawwe, kinne dat yn it Frysk dwaan. Oarsom hawwe de gemeenten en de Provinsje it rjocht om de boargers yn it Frysk oan te sprekken. Twatalige gearkomsten by gemeenten en Provinsje binne earder regel as útsûndering. Wat yn it Frysk sein wurdt, wurdt ek yn it Frysk oantekene. Provinsjale amtners en faak ek amtners fan gemeenten dy't de Fryske taal net ûnder de slach hawwe, geane (ferplichte) op kursus, sadat hja de Fryskpratende boargers yn alle gefallen ferstean kinne.

Fansels wurdt rekken hâlden mei minsken dy't it Frysk net ûnder de slach hawwe, mar fan harren wurdt wol ferwachte dat hja harren de taal gau eigen meitsje en yn alle gefallen ferstean kinne.

Offisjele dokuminten

Offisjele skriftlike bepalings, lykas oarderings, beliedsfoarskriften, notariële akten en gerjochtlike útspraken meie yn it Frysk. Yn 'e wet is fêstlein dat stikken, as belangstellenden dêr ferlet fan hawwe, fergees oerset wurde kinne. Yn 'e praktyk wurde sokke offisjele dokuminten ek yn it Nederlânsk opmakke.

Plaknammen

In soad plaknammen binne yn 'e rin fan 'e tiid "fernederlânske". Gemeenten kinne kieze foar offisjele oantsjuttingen fan Fryske nammen. De gemeenten Boarnsterhim, Littenseradiel, Ferwerderadiel en



De gemeente Ferwerderadiel hat foar offisjele Fryske plaknamme-oantsjittings keazen.

Tytsjerksteradiel hawwe dat dien. Sa is it Nederlânske Roordahuizum op de offisjele plaknammebuorden yn it Fryske Reduzum feroare, is Grouw no Grou en is Oosterend no Easterein. De measte plaknammen yn 'e provinsje steane yn beide talen op 'e plaknammebuorden. De wetterwegen hawwe harren offisjele namme ek wer werom. Op wegekaarten en yn tillefoanboeken binne de Fryske nammen ek opnommen. Boppedat binne der rûteplanners mei Fryske oantsjittings foar strjitten en plakken.

Efternammen

Krekt as plaknammen binne ek in soad efternammen fernederlânske. Famyljes dy't harren namme ea as Dykstra skreaunen, waarden yn 'e boargerlike stân as Dijkstra opnommen. Dy efternammen kinne wer offisjeel yn it Frysk feroare wurde.

Trouwe

Wa't yn Fryslân foar de boargerlike stân trout, kin dat yn it Frysk of yn it Nederlânsk dwaan. De trou-akte wurdt dûbeltalich sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk opsteld. Men kin om in Frysktalige trou-amtner freegje en der is in Frysktalich trouboekje beskikber.

By de notaris

Alle notariële akten kinne yn it Frysk opsteld wurde, lykas testaminten, hypoteken, skiedings, ûnderkuratelestellings en sa. Dêr is spesjaal in Frysk juridysk wurdboek foar ûntwikkele.

By de rjochter

Fertochten en tsjûgen hawwe it rjocht om Frysk te praten by sittings fan de rjochtbank yn Fryslân. De rjochter stelt fêst oft in tolk nedich is. By sittings bûten Fryslân mei ek Frysk praat wurde. Dat jildt allinne foar strafsaken en as in fertochte of tsjûge oannimlik meitsje kin dat er him net goed genôch yn it Nederlânsk útdrukke in.

Frysk op skoalle

28

Alle bern hawwe rjocht op ûnderwiis yn 'e memmetaal. Sa stiet it yn de Universele Ferklearring fan de Rjochten fan 'e Minske fan 'e Feriene Naasjes. Underwiis yn 'e memmetaal is fan belang foar de ûntjouwing fan it bern. Men leart makliker en flugger om te lêzen en te skriuwen as men dat earst yn 'e memmetaal docht. Boppedat hat it ûnderwiis yn it Frysk ek in algemien-foarmjende wearde. Frysktaligen kinne harren mooglikheden yn en mei it Frysk útwreidzje; net-Frysktaligen kinne harren oriïntearje op de twatalige maatskippij en de Fryske kultuer. It Frysk heart der gewoan by foar bern en jongerein yn Fryslân. Fan it pjutteboartersplak oant en mei de middelbere skoalle en it beropsûnderwiis.

Foardielen

De trochgeande leartiid fan pjutteboartersplak oant en mei it fuortset ûnderwiis en it beropsûnderwiis riedt de learling ta op de twatalige maatskippij. It plak op 'e arbeidsmerk is gewoan sterker as men Frysk yn jins bagaazje hat, benammen yn sosjale en kommersjele beroppen. By it útoefenjen fan in sport en yn it ferieningslibben is it ek handich om it Frysk ûnder de slach te hawwen.

Deeglik ûnderwiis yn it Frysk befoarderet in natuerlike oerdracht fan it Frysk op de neikommende generaasjes en it fuortbestean fan 'e taal.

It jonge bern

Mei it tariesen op in twatalige maatskippij wurdt yn in soad gefallen al foar de basisskoalle in begjin makke. Op in soad pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen wurdt njonken it Nederlânsk Frysk praat. Der binne ek in tal bewust Frysktalige ynstellings.

Basisûnderwiis

Alle bern dy't yn Fryslân nei de basisskoalle geane of it spesjaal ûnderwiis folgje, leare Nederlânsk en Frysk. Dat jildt ek foar bern dy't net yn Fryslân berne binne of thús in oare taal prate. Provinsje en Ryk stimulearje de Fryske basisskoallen om op it mêd fan Frysk, Nederlânsk (en Ingelsk) ta yntegraal taalbelied te kommen. Yn dat perspektyf binne nije keardoelen foar dy talen formulearre. Yn it taalbelied jouwe de skoallen oan wat de taalsitewaasje fan de learlingen is en hoefier't se mei de learlingen komme wolle as it om it berikken fan de nije keardoelen giet.

Fierder is der omtinken foar hoe't de skoalle, njonken it Frysk as fak, ek omtinken jout oan it Frysk as fiertaal en ynstruksjetaal en wat dien wurdt op it mêd fan de profesjonaliteit fan de leararen. By it formulearjen en ynpassen fan dat yntegraal taalbelied spilet de taalkoördinator in wichtige rol. De Provinsje Fryslân subsidiearret de oplieding ta taalkoördinator.



Tomke is de namme fan in langrinnend taalbefoarderingsprojekt foar bern fan nul oant fjouwer jier. Taal is in wêzentlik ferbinend elemint en om dy reden is it projekt foar de hiele provinsje opset om âlden, liedsters en bern op ûnderhâlden-de wize omtinken te freegjen foar it brûken fan de twadde rykstaal, it Frysk. By it projekt hearre (foar)lêsbokjes foar thúsn en tillefyzje-útstjoerings mei aventoeren fan it lytse mantsje Tomke, syn hûntsje Romke en Kornelia de boekekangoeroe. Foar de liedsters binne der ynformaasjejûnen, wurkwinkels en begeliedend materiaal. Yn de spesjale pjuttemoanne jouwe de Fryske bibleteken omtinken oan it projekt. Troch ynformaasje yn de kreampakketten wurde Fryske âlden fan it projekt op 'e hichte brocht. Underwilens is yn Fryslân hast gjin pjut mear te finen dy't Tomke net ken!

30

Foar it Frysk as fak wurdt yn opdracht fan 'e Provinsje in nij ûnderwiispakket ûntwikkele.

Troch ek fan tydskriften en edukative programs fan Omrop Fryslân gebrûk te meitsjen, kin it Frysk yn it basisûnderwiis en de earste faze fan it fuortset ûnderwiis as ynstruksjetaal en as fiertaal funksjonearje.

Op sân Fryske basisskoallen rint it projekt 'de trijetalige skoalle'. Yn de groepen trije oant en mei seis wurdt de helte fan it ûnderwiis yn it Frysk en de oare helte yn it Nederlânsk jûn. Yn 'e boppebou wurdt it Ingelsk as ynstruksjetaal tafoege. De ferdieling is dan: Frysk 40%, Nederlânsk 40% en Ingelsk 20%. Ut it eksperimint docht bliken dat jonge learlingen goed by steat binne om tagelyk mear talen te learen.



De Tsjelke yn Holwert is ien fan de sân Fryske basisskoallen dêr't it projekt 'de trijetalige basisskoalle' rint.

Middelbere skoalle

Alle jierren kieze inkelde tsientallen learlingen yn it fuortset ûnderwiis Frysk as eksamenfak yn it vmbo, havo en vwo. Hja foarmje it takomstige kulturele kader dat it Frysk mûnling en skriftlik yn alle lagen fan 'e maatskippij op goed nivo tapasse kin.

Ein 2003 sette op ynternet it digitale faklokaal Frysk foar de basisfoarming en twadde faze út ein. Learlingen kinne sels mei saken as stavering, taaleigen en wurdskat oan 'e slach. Der is ek rom omtinken foar literatuer. Sjoch: www.digischool.nl/fry.

Beropsopliedings

De pabû-studinten yn Fryslân krije Fryske les; hja kinne in spesjaal foech helje dat foar it basisûnderwiis nedich is. It giet dêrby om de eigen taalfeardigens en om de didaktyk fan de twataligens. De Noardlike Hegeskoalle Ljouwert fersoarget de oplieding ta learaar Frysk yn it fuortset ûnderwiis (yn dieltiid), wylst de Ryksuniversiteit Grins in oplieding ta earstegraads dosint en in postdoktorale oplieding hat.

Universiteiten

Wa't Frysk studearje wol, kin by de universiteiten fan Grins, Amsterdam en Leien terjochte.

Frysk op it wurk

32

Op in soad wurkplakken heart men sawol Frysk as Nederlânsk. Beide talen funksjonearje njonken inoar, sûnder problemen. Faak komt it goed út om foar it Frysk te kiezen. As men ommers wat fan in oar wol, hat men mear kâns fan slagjen wannear't de taal brûkt wurdt dêr't dy oar him it meast by thús fielt. Friezen stelle it op priis dat muoite dien wurdt om harren yn de eigen taal oan te sprekken, lykas ientalige Nederlanners it wurdearje kinne as bûtenlanners harren bêst dogge om Nederlânsk te praten. Goede ferkeapers taaste efkes ôf hokker taal harren klant it lafst praat en yn syn memmetaal priizgje hja dan dêrnei entúsjust en oertsjûgjend harren waar oan. De klant fielt him noflik en hoecht net nei wurden te sykjen by it stellen fan krityske fragen.

Van der Meer Wonen is een sterk groeiend bedrijf dat zich richt op het aanbieden van wonen, slapen en keukens. Alre verwerking van ons team zijn wij per direct op zoek naar een enthousiaste:

Administratief medewerker m/v

Voor de maandagmiddag, dinsdag t/m donderdag van 9.30 – 18.00 uur.
Incidenteel zal er op zaterdag worden gewerkt.

Functie-eisen:

- minimaal MBO-diploma administratieve/secretariale richting;
- goede beheersing Fries en Duits taal;
- goede communicatieve vaardigheden;
- stressbestendig.

Wij bieden:

- werken in een prettig team;
- goede arbeidsvoorwaarden.

Interesse?
Schrijf dan binnen 10 dagen een sollicitatiebrief voorzien van
o.v. en pasfoto naar: Van der Meer Wonen
Afd. personeelszaken

VAN DER MEER
W O N E N

Smeidstraat 12, SNEEK
Bedrijfsparc 'De Hemmer' Tel. 0515-423025 Donderdag koopavond.

Wa't by de oerheid en yn it ûnderwiis wurket, moat him mûnling en skriftlik eins goed uterje kinne as it om de Fryske taal giet. Yn personielsadvertinsjes fan it bedriuwslibben wurdt ek geregeldwei nei kennis fan it Frysk frege.

Yn 'e soarchsektor wurdt de taal hieltyd mear sjoen as in ûnderdiel fan it profesjoneel omgean mei pasjinten en kliïnten. De pasjint of kliïnt sintraal, dat is al jierren it devys en minsken oansprekke yn 'e eigen taal heart dêr mei klam by neamd te wurden. Kwetsbere minsken hawwe der in soad profyt fan dat hja yn de eigen taal oansprutsen wurde. Sa is taal in kwaliteitsaspekt fan de soarch wurden. Fersoargers, dokters, maatskiplik wurkers en ferpleechkundigen folgje lessen Frysk as hja de taal net ûnder de slach hawwe. Sa kinne hja de âlderein, dy't muoite mei it Nederlânsk hat, de dingen gewoan yn it Frysk útlizze. Bern, bang fan in medyske yngreep, kinne yn de eigen taal gerêststeld wurde. Der binne sels spesjale soarchprojekten dêr't it Frysk in wichtige rol yn spilet. Frysktalige afasypasjinten (minskes dy't troch medyske oarsaken net mear of hast net mear prate kinne) kinne bygelyks yn de perioade fan harren revalidaasje logopedy yn it Frysk krije. Der binne Fryske oefenmetoaden en der is test- en oefenmateriaal.



Taal is in kwaliteitsaspekt fan de soarch wurden. Fersoargers, dokters, maatskiplik wurkers en ferpleechkundigen geane op Fryske les, as hja de taal net ûnder de slach hawwe. Sa kinne hja de âlderein dy't net maklik Nederlânsk praat, gewoan yn it Frysk tekst en útlis dwaan. Bern, bang fan in medyske yngreep, kinne yn de eigen betroude taal gerêststeld wurde.

Frysk yn 'e media

34

It Frysk komt men yn 'e media rûnom tsjin. Wa't op de regionale radio-stjoerder ôfstimt, heart it fuortdaliks: dat is Omrop Fryslân. Hast alle út-stjoerings binne yn it Frysk. Sa is der bygelyks ek Frysktalige skoalradio en -tillevyzje. Omrop Fryslân lûkt de measte sjoggers en harkers fan alle regionale omroppen yn Nederlân. Dêrneist hawwe tal fan gemeenten haren eigen lokale stjoerder, faak yn it Frysk.



Mei in berik fan 150.000 harkers en 93.000 tillevyzjesjoggers deis is Omrop Fryslân in populêre omrop dêr't men yn de Fryske media net mear sûnder kin. De omrop brûkt it Frysk as fiertaal en is yn de praktyk faak twatalich. Minsken dy't ynterviewe wurde, kinne fansels ek yn it Nederlânsk antwurdzje. As it heal kin prate de meiwurkers fan de omrop wol Frysk. Dat bringt de ynformaasje tichter by it publyk en jout de omrop syn bysûnder karakter. Omrop Fryslân is nammentlik it iennichst stasjon dêr't it nijs yn 'e eigen taal op belústere wurde kin. Om dy reden is de omrop ek ien fan de wichtichste pylders fan de Fryske taal en kultuer. De omrop hat in jieromset fan 12 miljoen, de ynkomsten út reklame bedrage 1,5 miljoen (2004). www.omropfryslan.nl fersoarget nijs en eftergrûnynformaasje yn it Frysk.



De kranten yn Fryslân hawwe in dúdlik Frysk skaaimerik, de deiblêden likegoed as de hûs-oan-hûsblêden. Der binne Fryske rubriken, Fryske ynstjoerde stikken, Fryske kollums en yn de Nederlânsktalige artikels wurde minsken faak yn it Frysk oanhelle. Fierder binne der Fryske tydskriften foar ûnderskate doelgroepen.

Nije media biede nije kânsen. Troch ynternet wurde de Fryske taal en kultuer ek bûten Fryslân libben hâlden. Friezen, fan 'e Feriene Steaten oan Kuala Lumpur ta, kinne troch it ynternet ienfâldich en goedkeap harren Fryske identiteit belibje. Der binne Fryske sykmasines op it ynternet, ûnder oaren www.Friesebeweging.nl/frysyk, www.fryhoo.nl en www.frysk.cjb.net. De webside fan Tresoar (www.tresoar.nl) wurdt in hiel soad gebrûk fan makke troch besikers út binnen- en bûtenlân dy't mear witte wolle oer harren famyljewaartels. Itselde jildt foar de websiden fan Omrop Fryslân (www.omropfryslan.nl) en de beide deiblêden: de Ljouwerter Krante (www.leeuwardercourant.nl) en it Frysk Deiblêd (www.frieschdagblad.nl). De websiden fan de Fryske Akademy (www.fryske-akademy.nl) en de Afûk (www.afuk.nl) wurde ek faak besocht as it om fragen oer de Fryske taal en kultuer giet.

Frysk yn 'e kultuer

36

Kultuer ûntstiet troch minsken: dielnimmers en taskôgers. Wat mear minsken meidogge, wat riker de kultuer. Dat de Fryske kultuer libbet as in hert, dêr kin net oan twifele wurde. Der is in brûzjend Frysktalich kultureel libben fan berops en leafhawwers. Der binne 175 amateurtoanielferienings, 250 muzykkorpsen en 500 koaren.

Toaniel en kabaret

Fryslân is fan âlds ryk oan toanielselskippen. Tryater, it yn 1966 oprjochte beropsselskip dat yn 'e Fryske taal spilet, falt it meast op. Mei ôfwikseljend (oerset) klassyk repertoire en folkstoaniel berikt dat selskip in grut publyk: mei mear as 50.000 oant 60.000 taskôgers jiers is Tryater ien fan de bêst besochte selskippen fan Nederlân. De bysûndere spektakelstikken op lokaasje, lykas in fuotbalstadion, in hynstesintrum en op it wetter, lûke nasjonaal en ynternasjonaal de oandacht.

Fryslân hat tal fan amateurselskippen yn de hiele provinsje, faak oant yn de 19de ieu werom bewoartele. Hast alle doarpen, en dat binne der in hiel soad, hawwe in eigen toanielferiening. By oare ferienings is toaniel ek in ûnderdiel fan de aktiviteiten. Drankbestriders en sosjalisten ferkundigen harren ideeën eartiids troch toanielfoarstellings, sportferienings fleuren harren seizoen mei kluchten en komeedzjes op en dogge dat noch hieltyd. Fryske toanielferienings binne der ek bûten de provinsje. Sa hâlde de 'Friezen om utens', de Friezen dy't bûten de provinsje wenje, harren bân mei Fryslân libben.

Alle jierren sjogge de Friezen nei de simmer út: de tiid fan de Iepenloftspullen. Dy binne ûnderwilen lanlik bekend en lûke ek in soad toeristen. De woartels fan it Iepenloftspul lizze yn 'e notaristún fan Jorwert. As blyk fan tank oan 'e befolking, dy't jild byinoar fandele hie om de ynstoarte tsjerketoer te restaurearjen, waard yn 1953 in foarstelling yn 'e iepen loft jûn. Dat wie in earste oanset foar in bloeiende tradysje.

It doarp Easterwierrum hat sûnt 1989 alle jierren in Frysktalich berne-iepenloftspul. Fierders binne der iepenloftspullen yn ûnder oaren Wergea, Burgum, Dronryp en yn 'e gemeente Opsterlân.



Alle jierren lúke iepenloftspullen yn Fryslân tsientúzenen en tsientúzenen besikers. Hjir is in sêne út *Romeo en Julia* fan it Iepenloftspul Burgum ôfbylde.

Kabaret is in keunstfoarm dy't wat minder beëfene wurdt, mar der is wol deeglik kwaliteit. Yn 'e fyftiger jierren wie Tetman de Vries mei syn selskip ferskuorrend populêr. Hjoed de dei meitsje û.o. Rients Gratama, Leny de Vries en Teake van der Meer furoare.

It Fryske boek

Fryslân hat in eigen literêre tradysje. Der binne histoaryske romans, detektives en misdieferhalen, streekromans, psychologyske romans en reisaventoeren, mar ek poëzij en toanielstikken. Der binne ek skriuwers fan Frysk komôf dy't it libben yn Fryslân prachtich yn it Nederlânsk beskriuwe, lykas Theun de Vries. Fierders is der in kar oan Fryske berne- en jeugdboeken, oarspronklik yn it Frysk skreaun en út oare talen oerset. Alle jierren komme likernôch hûndert Fryske titels út by

ien fan de fiif Fryske útjouwerijen. Alle jierren keapje goed 60.000 minsken 90.000 Fryske boeken.

It Fryske boek wurdt tige by tige oanpriizge, bygelyks by de jierlikse Sutelaksje. Frijwilligers geane oardel moanne lang mei kroaden fol Fryske boeken by de duorren lâns om dy te ferkeapjen. De Sutelaksje wurdt yn 'e media op 'e foet folge en de belutsenens fan de Friezen is grut, sa docht út 'e ferkeapsifers bliken. Yn dy perioade wurde ek alderlei lêzings en literêre jûnen organisearre.

Boppedat is der in Fryske Boekewike. In skriuwer wurdt útnoege om it boekewikegeskink te skriuwen, yn it Frysk fansels.

Fierder is der ek alle jierren in perioade mei aktiviteiten yn ferbân mei de eigen Fryske berneboeken, mei in opdracht ta it skriuwen fan in nij Frysk berneboek derby.

Muzyk

Al iuwen efterinoar wurdt ek yn it Frysk songen. Sûnt de ein fan 'e 19de ieu binne muzykteksten yn de eigen taal populêr, sûnt de ein fan 'e 20ste ieu ek yn 'e popmuzyk. De Frysktalige muzyk fariearret fan klassyk oant en mei heavy metal, blues en jazz. Benammen foar Frysktalige popmuzyk is nasjonale en ynternasjonale belangstelling. Bands as De Kast en Twarres hawwe grutte hits hân. Yn Fryslân binne fansels folle mear musisy dy't Frysktalige muzyk meitsje. Sjongers lykas Doede Veeman, Jaap Louwes, Piter Wilkens, Anneke Douma en Gurbe Douwstra binne tige populêr. Popgroep Reboelje hat ferskate Fryske muzykspektakels makke. De Fryske sjongster Nynke Laverman makket op it stuit opgong mei Fryske fado's, ûnder oaren in pear op teksten fan de dichter Jan Jacob Slauerhoff (1898-1936).

Om it Fryske liet te stimulearjen wurdt alle jierren it Frysk sjongfestival 'Liet' hâlden.

Film

De Fryske film is yn Fryslân en dêrbûten populêr. Fryske films as De Fûke (2000, oer in Fryske fiskerman yn de Twadde Wrâldkriich), De Gouden Swipe (1996) en De Dream (1985, oer de saak Hogerhuis) wiene, mei ûndertiteling, op de Nederlânske tillefyzje te sjen. De Fryske

film Nynke (2001, oer de frou fan Piter Jelles Troelstra) hat yn tal fan bioskopen yn binnen- en bûtenlân draaid.

Fryske wurden

Iepenloftspul [i.əpənloftspöl]	openluchtspeel
Wergea [vɛrgl.ə]	Wergea
Dronryp [dronrip]	Dronryp
Sutelaksje [sütəlaksjə]	huis-aan-huis boekenverkoop
In nije dei [ənɛjədaɪ]	Een nieuwe dag
Wêr bisto? [vɛ:(r)blsto:]	Waar ben jij?
De Fûke [dɛfukə]	De Fuik
De Gouden Swipe [dɔgɔ.udənsvipə]	De Gouden Zweep
De Dream [dɛdrɪ.əm]	De Droom

Frysk yn 'e sport

40

Wêr't emoasjes binne, wurdt yn Fryslân al gau Frysk praat. Dat jildt al hielendal foar de sport. Fryslân hat in tal typysk Fryske sporten: it keatsen, fierljeppen, ringriden mei de pikswarte Fryske hynders en it skût-sjesilen mei kommentaar yn it Frysk op Omrop Fryslân as ûnmisber elemint. Oft it aaisykjen ek in offisjele sport is, dat is de fraach, mar it sykjen fan it earste ljipaai is sûnder mis in bikkelhurde wedstriid. En wêr kin in populêre nasjonale sport as it reedriden better beoefene wurde as yn Fryslân mei syn wiidferneamde Alvestêdetocht?

Fryske wurden

Keatse [kI.ətsə]

Fierljeppe [fi.ər|jɛpə]

Aaisykje [ajsikjə]

kaatsen

polsstokverspringen

kievitseieren zoeken



By harren besite oan Fryslân yn 2001 hawwe kroanprins Willem Alexander en prinses Máxima ek efkes it Alvestêdemonumint tusken Lekkum en Gytsjerk oan de Alvestêderûte besjoen. De foto fan Willem Alexander stiet ek op 'e brêge. Doe't er 18 jier wie, hat er, ûnder de namme W.A. van Buuren, de fierwei wichtichste tocht riden. De keunstners Bas Lugthart en Maree Blok hawwe elkenien dy't de wiidferneamde tocht ea riden hie, útnoege om in pasfoto fan harrensels op te stjoeren. Fan de foto's binne tegeltsjes makke dy't de beide keunstners dêrnei ferwurke hawwe ta in grutte ôfbylding fan in reedridder op de brêge.

Frysk en de wittenskip

41

De Fryske taal en kultuer wurde wittenskiplik bestudearre. Dêr binne ferskate ynstituten foar.

Fryske Akademy

Sûnt 1938 hat Fryslân in eigen wittenskiplik ynstitút: de Fryske Akademy yn Ljouwert. De Akademy docht ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer en fersoarget wittenskiplik ûnderwiis. It is in ynstitút mei 60 meiwurkers en 3.000 stipers.

It wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer is net allinne wichtich foar it nivo fan de wittenskiplike kennis, mar ek foar de Fryske identiteit, de Fryske kultuermienskip en de status fan it Frysk.

Oan de Fryske Akademy wurde de Fryske taal en letterkunde, de skiednis fan Fryslân en de sosjaal-kulturele ûntjouwings yn 'e provinsje bestudearre. Der wurkje ûnder oaren taal- en letterkundigen en sosjale wittenskippers.

Yn hast alle ûndersiken wurde ferbannen lein en ferlikings makke mei bygelyks Nederlân of oare Europeeske minderheden. Dat makket dúdlik dat de Fryske taal en kultuer, hoe unyk ek, net allinne op in eilân sitte. De Fryske Akademy is ferantwurdlik foar de gearstalling en publikaasje fan it Wurdboek fan de Fryske taal.

Tresoar

Yn Tresoar wurdt it Frysk kultureel erfgoed bewarre, bestudearre, oan it publyk sjen litten en as it heal kin útliend. Tresoar is in fúzje fan de Provinsjale Biblioteek, it Ryksargyf en it Frysk Letterkundich Museum en Dokumintaasjesintrum. Dêr wurde alderlei saken sammele dy't foar Fryslân fan belang binne. Fan literêr-histoarysk eftergrûnmateriaal oer Nijfryske skriuwers en histoarysk byldmateriaal oer Fryslân oant en mei âlde oarkonden en boeken dy't yn of oer Fryslân útkommen binne.

Fierdersoan binne der tal fan gegevensbanken en argiven dy't leafhawwers en berops brûke kinne, bygelyks foar sibbekundich of histoarysk ûndersyk.



Tresoar is in unyk ynstitút: in argyf, bibleteek en museum yn ien gebou, mei in grutte kolleksje op it mêd fan Fryske skiednis, taal- en letterkunde. Edukative meiwurkers steane noed fan publyksfoarljochting, ûnder oaren op skoallen (sjoch foto). Tresoar hat mear as 600.000 boeken yn de eigen katalogus en likernôch 250.000 argyfbeskriuwings.

Dêrneist binne der 200.000 printen, kaarten en foto's en bestiet de museumkolleksje út 2.000 objekten. Alles mei-inoar stiet om-ende-by 25 kilometer materiaal op 'e planken en yn 'e kasten. It âldste stik is fan 836, sadat Tresoar oer hast tolve ieuwen ynformaasje hat. De kolleksje is op in spesjale stúdzjeseal te rieplachtsjen, mar dat kin ek op de webside: www.tresoar.nl. Dy webside krijt ek in hiel soad besikers út binnen- en bûtenlân dy't mear oer harren Fryske foarfoarâlden witte wolle, om't Tresoar ek oer in goed ûntsletten argyf fan houliks- en berteakten beskikt.

Frysk oer de grins

43

Net allinne yn Fryslân wurdt Frysk praat. Yn gebieten yn de Dútske dielsteaten Sleeswyk-Holstein en Nedersaksen wurdt ek Frysk praat. Yn lannen dêr't yn 'e jierren fyftich in soad Fryske emigranten hinne giene, lykas de Feriene Steaten, Austraalje en Kanada wurdt thús en by spesjale Fryske klubs ek Frysk praat.

Yn Dútslân

Fan de 6de oant de 8ste ieu wiene Sleeswyk-Holstein en Nedersaksen in ûnderdiel fan it Fryske ryk by de Noardseekust lâns, dat fan Sieusk-Flaanderen oan Denemark ta rûn. Krekt as it Frysk yn Fryslân stamt it Dútske Frysk fan it Aldfrysk ôf. Nei it útinoar fallen fan it Fryske ryk ferdwûnen de ûnderlinge kontakten. It Frysk yn Fryslân en dat yn Dútslân ûntwikkelen har fierders ferskillend. It Dútske Frysk is yn 'e rin fan 'e iuwen sterk troch it Dútsk en it Platdútsk beynfloede.

Noardfrysk

Yn de dielsteat Sleeswyk-Holstein wurdt Frysk praat yn it gebiet dat Noard-Fryslân hjit. It Frysk wurdt dêr Noardfrysk neamd en bestiet út tal fan dialekten dy't in soad faninoar ferskille. Dy wurde rûchwei ûnderferdiel yn it 'eilân-Noardfrysk' en it 'fêstelân-Noardfrysk'. De ferskillen tusken de dialekten binne soms sa grut dat minsken inoar mei muoite ferstean kinne. En dat wylst der mei-inoar mar 10.000 minsken binne dy't in foarm fan it Noardfrysk prate!

It Noardfrysk yn it kustgebiet is it ynstrumint fan de pleatslike befolking om de eigen identiteit tusken de tûzenen toeristen te behâlden.

Nord-Fries

Ströntistel is min bloom

Ströntistel neem's uk mi

Jü gröört üp düneemsön

Ik üp des leewents-strön

En proter haa wat biid!

Fries

Strântiksel is myn blom

Strântiksel neame se ek my

Hy groeit op it dunesân

Ik op myn libbensstrân

En stikels ha wy beide!

Nederlânsk

Stranddistel is mijn bloem

Stranddistel noemen ze ook mij

Hij groeit op het duinenzand

Ik op mijn levensstrand

En stekels hebben wij beiden!

Gedicht fan Jens E. Mungard (1885-1940)

44 Sealterfrysk

It hjoeddeistich Sealterlân leit noch gjin fyftich kilometer oer de Nederlânske grins hinne. It is in gebiet fan fjouwer doarpen. Dat is it lêste stikje dat oerbleaun is fan it foarhinne tige grutte Eastfryske taalgebiet. Sealterlân lei tige isolearre. It wie ynsletten troch heechfean dêr't hast gjinien trochhinne komme koe. Under de Frânske besetting kaam in ein oan dat isolemint. Begjin tweintichste ieu kamen feanarbeiders út oare streken nei Sealterlân om it heechfean ôf te graven. Sa kamen de Sealterlanners hieltyd mear yn kontakt mei oare talen. Oant likernôch 1950 bleau it Sealterfrysk de omgongstaal. Om-ende-by 2.250 minsken prate it noch, benammen de âlderein. De taal wurdt bedrige, om't de minsken dy't it prate, fergriizje.



Yn 'e simmer fan it jier 2000 waard yn Fryslân in tige grutte reuny fan Friezen organisearre. Tsjientûzenen Friezen út alle kontininten wei giene nei harren heitelân werom, benammen ek om harren memmetaal wer ris te hearren. Yn hiel Fryslân waarden aktiviteiten organisearre, fan doarpsreuny oant Slachtemaraton, fan foto-útstalling oant muzyk- en dûnsspektakel. Ien fan de oangripendste produksjes wie de opera Orfeo Aqua dy't op en yn it wetter fan de Bombrekken tusken Aldegea (W) en Warkum útfierd waard.

Fan Sibearje oant Meksiko

Troch emigraasje nei fiere oarden wurdt yn 'e fierste hoeken fan 'e wrâld Frysk praat, of talen en dialekten dy't dêr besibbe mei binne. Bekende emigranten binne de earste Minnisten. Hja setten om 1530 hinne út it Nederlânsk-Dútske grinsgebiet wei nei Prusen ôf en namen harren Nederfrankyske, Nedersaksyske en Fryske dialekten mei. Troch de kontakten mei de Prusyske befolking ûntstie in Nederdútsk mingdialekt: it Plautdietsch.

Oan 'e ein fan 'e 18de ieu setten in soad Minnisten, op útnoeging fan Katarina de Grutte, harren yn Súd-Ruslân nei wenjen. Om 1870 hinne giene in protte fan harren nei Kanada, doe't harren oarspronklike foarjochten oantaast waarden. Itselde barde nei de Russyske revolúsje fan 1917. Ut Kanada wei gie de emigraasje nei Meksiko troch. Groepen Minnisten setten harren ek yn Paraguay, Urûguay, Argentynje en Brazylje nei wenjen. Sa hat it Plautdietsch him mei de emigraasjestreamen oer de hiele wrâld hinne ferspraat.

Fragment út it liet De farjoasnaacht (De voorjaarsnacht), optekene yn in Sibearysk minnistedoarp:

Plautdietsch	Fries	Nederlânsk
<i>Daun bliide kretjt de aapelbim de tulpe en de fleida.</i>	<i>Doe bloeiden krekt de apelbeam de tulpen en de fier.</i>	<i>Toen bloeiden net de appelboom de tulpen en de vlierbes</i>
<i>Daun sjtunde aule krusjtjebim en eare wundaboare drim en wite blumetjleida.</i>	<i>Doe stiene alle parrebeammen yn harren wûnderbaarlike dream yn wyt blommekleed.</i>	<i>En alle perenbomen stonden in hun wonderbare droom in wit bloemenkleed.</i>

Yn 'e jierren fyftich emigrearren tal fan Friezen nei Austraalje, Kanada en de Feriene Steaten. Guon keazen om fuortdaliks Ingelsk te praten, ek ûnder inoar. Oaren wiene mar wat wiis mei de memmetaal en beskôgen it as in weardefol stikje 'thús'. Guon giene werom, mei hertsear fan ûnwennigens. Oaren bleauwen en hiene in soad sukses. Meastentiids kin de tredde generaasje gjin Frysk mear.

Fiel dy thús yn Fryslân

46

Wa't nei in oar part fan it lân ferhuzet, hat de hope om gau nije freonen en kunde te krijen. Troch it learen fan 'e Fryske taal kin men jin yn Fryslân gau thús fiele. Elkenien kin Frysk leare. De taal is net al te dreech en de Afûk biedt goed fersoarge kursussen oan.

De boekhannel fan 'e Afûk is as iennichste yn Fryske boeken spesjalisearre. Alles wat op it mêd fan it Frysk beskikber is, wurdt yn 'e winkel op in pear stappen fan 'e Aldehou yn Ljouwert ferkocht. Boppedat is de Afûk sels ek útjouwer fan Fryske boeken, benammen Fryske learmiddels, berne- en jeugdboeken en literêr wurk. Húsorgaan is it tydskrift 'De Pompeblêden' mei omtinken foar de stúdzje fan it Frysk, literatuer, skiednis en ûnderwiis.

It Stipepunt Frysk jout ynformaasje en advys oer it brûken fan de Fryske taal by oerheden, bedriuwen, ynstellings en oan partikulieren. It Stipepunt fersoarget sûnt 1994 ek in folslein Fryske side (de F-side) yn 'e Ljouwerter Krante en yn it Frysk Deiblêd. Sûnt 2002 komt boppedat elk fearnsjier in meartalich tydskrift yn 'e rige 'Fryske tematydskriften' út. De tydskriften, foar in breed publyk bedoeld, binne ûnder oaren by de Fryske gemeentehúzen en bibleteken fergees te krijen.



Oan de measte nijkommers yn Fryslân wurdt it advys jûn om fan de earste dei ôf de radio op Omrop Fryslân ôf te stimmen en fuortdaliks lessen by de Afûk te folgjen. En wier: it is ien fan de handichste manieren om it Frysk sa gau mooglik ferstean te kinnen en mei ferrin fan tiid ek prate en lêze te kinnen. Der binne spesjale kursussen foar nijkommers, foar minsken dy't al wat fierder binne en foar harren dy't sels lesjaan wolle of harren yn de skiednis en literatuer ferdjipje wolle. Boppedat binne der bygelyks ek noch kursussen foar gerjochtstsjinners, medysk persoanen en amtneren.

Wichtige (y)nternet)adressen:

Provinsje Fryslân

Adres: Twibaksmerk 52, 8911 KZ Ljouwert

Till.: 058-2925925

Ynternet: www.fryslan.nl

Fryske Akademy

Adres: Doelestrjitte 8, 8911 DX Ljouwert

Till.: 058-2131414

Ynternet: www.fryske-akademy.nl

Tresoar

Adres: Bûterhoeke 1, 8911 DH Ljouwert

Till.: 058-7890789

Ynternet: www.tresoar.nl

Afûk

Adres: Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert

Till.: 058-2343070

Ynternet: www.afuk.nl

Omrop Fryslân Radio en TV

Adres: Suderkrúswei 2, 8938 AP Ljouwert

Till.: 058-2997799

Ynternet: www.omropfryslan.nl

Toanielselskip Tryater

Adres: Eastersingel 70, 8921 GB Ljouwert

Till.: 058-2882335

Ynternet: www.tryater.nl

Frysk Museum

Adres: Turfmerk 11, 8911 KS Ljouwert

Till.: 058-2555000

Ynternet: www.friesmuseum.nl

provinsje Fryslân
province Fryslân



Europeesk Buro foar
Taal minderheden
Haadkantoar

Provinsje Fryslân

Sint-Jooststraat 49,
B-1210 Brussel
Till.: (+32 2) 218.25.90
Faks: (+32 2) 218.19.74
e-post: ebul@ebul.org
<http://www.ebul.org>

Besikersadres:
Twibaksmerk 52
Ljouwert
Postadres:
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert
Till.: (00 31) 058 - 292 59 25
Faks: (00 31) 058 - 292 51 24
Ynternet: www.fryslan.nl